



**DE COME-BACK FAN DE
SUNSHINE-BOYS
(The Sunshine Boys)**

Blijspul yn twa bedriuwen

fan

NEIL SIMON

Fryske oersetting

Gurbe Dijkstra

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)
Tel: 072 - 5 11 24 07
E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl
Website: www.toneeluitgeverijvink.nl**

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE COME-BACK FAN DE SUNSHINE-BOYS - THE SUNSHINE BOYS** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NEIL SIMON** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 1973 by Neil Simon

Copyright Frisian translation: © 1998 by Neil Simon

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **5** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten
van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

LOUIS VAN OS - Sunshine boy

WILLY BOGAARD - Sunshine boy

BEN BOGAARD - syn neef

ED - Toanielmaster

FERPLEECHSTER

REFREIN:

Wy bin de Sunshine Boys
Set jim soargen oan'e kant
Hjir bin de Sunshine Boys
En wy reizgje troch it lân
Mei in ferske en in praatsje en in grapke op'e tiid
En sa reitsje jim jim soares en jim nachtmerjes kwyt
Want de sinne sil wer skine
En it libben is wat moais
Mei de Sunshine, de Sunshine, de Sunshine, de Sunshine
DE SUNSHINE BOYS

WILLY: En wy sizze altyd wer
Sjoch it libben net sa swart

LOUIS: Want de humor dy sit dêr
En de wille komt út't hart

EARSTE BEDRIUW

Pensjonkeamer yn in âld hûs yn it sintrum fan Amsterdam. In depri-mearjende buert. Der stiet in bêd, in buro, yttafel mei twa stuollen, in âlde learen leunstoel en in goedkeap T.V.-tastel op in metalen poat. Oan de iene kant in kitchenette, oan de oare kant de badkeamer. De T.V. stiet oan (miskien in stikje kwis, of it jargon fan in sosjologyske doktorandus? Wy moasten wat útkieze) Willy sit yn de fauteuil. Pantoffels, piama, keamerjas. Hy is yn de santich. Sjocht nei de T.V. mar sakket hieltyd wei; besiket wekker te bliuwen. Fluittsjettel yn de keuken jout oan dat it wetter siedt. Willy tilt ynienen de holle op. Nimt de telefoan fan de heak.

WILLY: Hallo? Mei wa? *(fluittsjettel giet troch. Willy sjocht no nei de keuken. Leit de telefoan del, ferwûndert him net oer syn fersin. Giet nei de keuken en draait it gas út)*

STIM T.V.: Wy geane no even werom nei de studio yn Ljouwert.

WILLY: Wol ja, jou my mar werom. *(docht in teepûdsje yn in kopke, jit der siedend wetter op, rint de keamer yn nei de itenstafel. Nimt in leppel huning út in potsje, docht dat yn'e tee. Sjocht yntiid nei de T.V.)*

STIM T.V.: Wy freegje no jim oandacht foar it tredde diel fan???

WILLY: It tredde? Wêr is it twadde dan bleaun? *(hy drinkt tee. T.V. giet troch en hy sjocht der nei, wylst er nei syn stoel sloft. Hy bliuwt mei syn foet achter it snoer hingjen; de stekker gier der út. T.V. swijt. Willy giet sitten. Gjin byld. Hy draait oan de knoppen. Jout in klap op it tastel)* Hee, wat dochst no yn'e goedichheid! *(hy sjocht der ferbjustere nei. Hy skopt tsjin de poat. Dan giet er nei de telefoan en nimt op)* HALLO! Kor? Is Kor der net? Myn T.V. is stikken... bisto it? Myn T.V. is dea. Nee, hâld op mei my Willy te neamen. Menear Bogaard asjebleaf noch altyd. Ja ja, o wat leuk, do kinst it moai sizze, mar it IS net leuk, witst dat? Stjoer ien nei boppen om nei myn T.V. te sjen. Ik? Ik ha nergens oan west. Nergens oan west, dat sis ik dochs. 't Is in gammel tastel. Ast yn in gammel pensjon wennest hast in gammele T.V., sa is dat. De wat? De stekker? Wachtsje even. *(hy leit de hoarn del, sjocht nei it tastel, krijt de stekker op en sjocht der nei)* Hallo? Nee, de stekker is't net. 't Is wat oars. Ik meitsje it sels wol. *(hy hinget op. Docht de stekker yn it stopkontakt. De T.V. giet wer oan)* De stekker seit er. At HY menear Bogaard seit, dan jou ik ta dat it de stekker wie. *(drinkt tee)* Se kinne allegear deafalle. *(der wurdt kloppe. Hy sjocht nei de muorre tsjinoer de doar)* Ja, bûnzje mar raak, ik doch 'm net út. Fierstente bliid dat er it wer docht. *(wer klopjen, no mei de stim fan Ben)*

BEN: Omke Willy? Ik bin it. Ben. *(Willy draait him om en sjocht nei de*

doar. Hy wol foar him sels net witte dat er earst ferkeard seach)

WILLY: Wa is dêr?

BEN: Ben.

WILLY: O Ben, bisto it.

BEN: Ja omke Willy, ik bin't. Ben. Doch ris iepen.

WILLY: Wachtsje even. *(giet nei de doar. Lûkt it snoer mei de stekker der wer út. Besiket de doar iepen te krijen, mar dat wol net)* Wachtsje even hear.

BEN: Is der wat mis?

WILLY: Ien momint. *(hy besiket it mei brute kracht)*

BEN: Wat is der oan'e hân?

WILLY: Ik sit opsluten. It slot is stikken. Se ha my opsluten. Gean nei ûnderen en sis tsjin Kor, de jonge, sis dat menear Bogaard opsluten sit.

BEN: Wat is't, it slot?

WILLY: Ja, 't is it slot, 't is stikken. Ik sit opsluten. Gean no nei Kor, hy moat der ien by helje.

BEN: Ferline wike wie't ek sa. Meitsje no neat stikken. Rêstich nei links draaie.

WILLY: Wachtsje even. *(hy draait it foarsichtich iepen)* 't Is al iepen. Lit mar, ik ha it al foarelkoar. *(de doar giet iepen. Ben komt der yn, goed klaaid, oerjas, plestyktas fan Albert Heyn, fol mei boadskippen en in nûmer fan Varieté)*

BEN: Jo moatte ris wat oalje yn dat slot dwaan.

WILLY: Ik moat neat. Se kinne barste. *(Ben hinget syn jas yn'e kast. Giet nei de tafel mei in pûde)*

BEN: En? Alles goed hjoed?

WILLY: Wat is't hjoed, woansdei?

BEN: *(ferheard)* Ja fansels. Ik kom dochs altyd op woansdei?

WILLY: Mar is't hjoed woansdei? *(Ben leit de pûde del)*

BEN: Ja allicht. Ha jo der net út west?

WILLY: Wannear?

BEN: Hjoed. Of juster. Fan'e wike. Ha jo der de hiele wike net út west?

WILLY: Snein. Snein ha ik der út west. Nei de bosk. *(Ben jout him de Varieté. Willy stekt'm ûnder de earm en sjocht yn'e pûde)*

BEN: Wat sykje jo?

WILLY: It nûmer fan Varieté.

BEN: Ik jou't jo krekt. Jo ha't ûnder de earm.

WILLY: Wêrom dochst dat? Hy stoppet it ûnder myn earm.

BEN: Ha jo wol behoarlik iten? Of allinne bôle mei ljerre?

WILLY: Is dit de nijste? *(hy bedoelt de Varieté)*

BEN: Ja fansels. Hy komt op woansdei út; no, en't is hjoed woansdei.

WILLY: No ik freegje it mar, wyn dy net sa op. (*Ben skoddet ferbjustere de holle*)... Want de foarige ha'k al út.

BEN: (*pakt út*) 'k Ha seis ferskillende soarten sop meinommen. Alle-gear sûnder sâlt, allegear in leech natrium-gehalte. Allegear hiel goed foar jo. Hearre jo wol?

WILLY: (*sjocht yn it blêd*) Ik hear it. Do hast seis fize smoarge soarten sop sûnder smaak meinommen. Hast dit sjoen?

BEN: Wat?

WILLY: Wat ik no lêse? Hast dat sjoen?

BEN: Hoe wit ik no wat jo lêze?

WILLY: Der geane twa nije shows yn premjêre. Ik ha net iens audysje dien. Wêrom hast net soarge dat ik in audysje krige?

BEN: Omdat der foar jo gjin rol yn sit. De iene is in show mei neakene minsken, en de oare is allinne negers.

WILLY: No EN? Kin ik soms gjin neger spylje? Ik spile al in neger doe't ik tweintich wie. En ik soargje dat se de tekst fersteane, en gjin gebrabbel sa ast hjoed de dei hearst.

BEN: No, it spyt my, mar jo binne net it soarte neger dat se sykje. (*hy rydbosket*) God, wat is't hjir kâld. Witte jo dat it hjir stjerrende kâld is? Soargje se net foar ferwaarming? (*Willy sjocht yn it blêd*)

WILLY: Hee, Piet Reurop is dea.

BEN: Wa?

WILLY: Piet Reurop, de tekstskriuwer, 89 jier, ynienen wei, samar.

BEN: Wêrom dogge jo gjin trui oan?

WILLY: Ik ha'm hiel goed kennen. In freeslike fint. Deun as de neten. Dat hy rêste mei yn frede, mar it wie in krintekakker. Syn bêste freonen mochten him net. (*Ben giet nei it buro om in trui te sykjen*)

BEN: Wêrom is't hjir sa kâld?

WILLY: Witst wat foar ferskes hy skreau? De rottichste. De aller-rottichste teksten OAIT skreaun, wiene fan Piet Reurop. (*sjongt*) "Lenie, do bist noch in baby" Hast oait soks heard? Lenie rymje litte op baby. Gjin wûnder dat er dea is. (*hy slacht in bledside om*)

BEN: De radiator is iiskâld. Hee, omke Willy, ik wol net dat jo hjir wenjen bliuwe. Lit my no wat oars foar jo sykje, ik rop it al sân jier. Jo wurde hjir absolút siik. (*Willy giet troch mei lêzen*)

WILLY: Wolja. Tom Jones krijt hûnderttûzen gûne foar IEN jûn. Doe't Louis en ik stjerren wiene yn Carré, koste it hiele gebou noch gjin hûnderttûzen gûne.

BEN: Dat is fjirtich jier ferlyn. En fjirtich jier ferlyn wie dizze keet al 20 jier âld. Omdat se hiel goed witte dat jo der gjin sin oan ha om te ferhúzjen profitearje se fan jo. (*Willy sjocht yn de pûde*)

WILLY: Gjin sigaren? (*Ben makket in notysje op in blocnote*)

BEN: Jo meie gjin sigaren ha.

WILLY: Wêr binne de sigaren?

BEN: Jo witte dat dokter sein hat, dat jo net mear roke meie, dus ha ik se net meinommen.

WILLY: Jou my gau de sigaren.

BEN: Ik sis dochs dat ik se net ha? Wol' jo no ris ophâlde oer sigaren.

WILLY: Wêr binne se? Yn de pûde?

BEN: Underyn. Trije. En tink derom: 't is de allerlêste kear dat ik se meinim. (*Willy hellet in pûdsje mei trije sigaren foar't ljocht*)

WILLY: Hoe is't by jim thús? Giet it goed mei de bern? (*hy nimt in sigaar út it pûdsje*)

BEN: Hèhè. Samar ynienen belanstelling foar myn gesin? Dêr traapje ik net yn, omke Willy. Ik sis, it is de lêste kear dat ik se mei nim.

WILLY: Ik freegje allinne mar hoe't it mei de bern giet!

BEN: It giet goed mei de bern. Se binne sûn en sa libben as in hart, tanke.

WILLY: Moai. Nim de oare kear grutte sigaren mei. (*hy docht twa sigaren yn'e bûse fan de keamerjas, ien stekt er yn'e mûle en giet dan nei it buro om fjoer*)

BEN: Jo witte net iens hoe't se hite. Hoe hite myn bern?

WILLY: Annie en Wim.

BEN: Amanda en Michel.

WILLY: Fûnst Annie en Wim net moai genôch?

BEN: Der hat noait sprake west fan Annie en Wim. Mar dat ferjitte jo en dêrom betinke jo mar wat. Want jo ferjitte alles. Ik wedzje dat jo de molke fan ferline wike noch net op ha, dy stiet grif noch yn'e kuolkast. (*hy sjocht*) Sjogge jo wol. Molke fan ferline wike.

WILLY: (*siket noch om fjoer*) Witte se wa't ik bin?

BEN: Wa?

WILLY: Amanda en Wim?

BEN: Amanda en Michel. Dat jo in ferneamde revu-artyst wiene? Se binne trije jier, omke Willy, wat witte se no fan revu. Ik wit sels neat mear fan revu. Dy kuolkast hâldt it gjin twa dagen mear út.

WILLY: Hast se ferteld dat ik noch by de Buziau wurke ha?

BEN: Se ha noch noait fan Buziau heard, omke Willy, at je trije binne kin de showbusiness je noch neat skele. (*komt út de keuken, sjocht Willy mei sigaar*) Wat dogge jo no? Jo meie net roke, jo ha my beloofd allinne nei iten te roken.

WILLY: Rook ik dan? Sjochsto reek út de sigaar kommen?

BEN: Jo ha'm yn'e mûle.

WILLY: Ik repetearje. De foarstelling komt nei iten.

BEN: (*wer nei de keuken*) Der is net ien fak wêryn't je je sa ergerje, as

yn dit fak. En ik ergerje my noch it meast at ik hjir kom. (*docht kast iepen*)

WILLY: No bliuw der dan. Ik ha A.O.W.

BEN: O, is dat leuk? Ik fyn it net leuk, omke Willy.

WILLY: (*blêdet yn Varieté*) Atsto gefoel foar humor hiest, soest dat leuk fine.

BEN: (*knarst op'e tosken*) Ik ha in geweldich gefoel foar humor.

WILLY: Krekt as jim heit, dy hat ien kear lake, yn 1932.

BEN: Der falt mei jo net te praten.

WILLY: Binne se tsjintwurdich leuk? Sis do ris wa't der tsjintwurdich leuk is. Dan sil ik dy bewize dat it NET leuk is. En wêrom net.

BEN: Litte wy dêr asjebileaft oer ophâlde. Ik moat wer nei kantoar. Beloof my no dat jo hjoed behoarlik ite sille.

WILLY: At ik in Witz fertelle moast, wêrsto om laitsje soest, soe ik dy Witz der út goaie.

BEN: Hoe kin ik no ferdomme laitsje at ik jo sa sitten sjoch, omke Willy, de hiele dei yn piama yn in iiskâlde keamer, T.V. sjen op in tastel dêr't allinne mar snie op is, en in byld dat fan boppen nei ûnderen rôlet. Aansen rôlje jo eagen noch út de holle. Jo ite net, en jo geane der noait út omdat je net witte hoe't it slot fan de doar wurket. Lêsten ha jo jesels opsluten yn de badkeamer. En dan freegje jo noch wêr't ik oer yn sit.

WILLY: Andre van Duyn. Dat is dyn soarte humor.

BEN: Hear ris, omke Willy, beloof my no dat jo goed ite sille.

WILLY: Ik sil goed ite, ik sil in donkerblau pak oan dwaan en in wyt boesgroen mei in strik en swarte skuon.

BEN: At jo tinke dat ik dêrom laitsje, dan kinne jo lang wachtsje.

WILLY: Sa lang libje ik net mear. Jou my leaver wurk ynstee fan laitsjen.

BEN: (*suchtet wanhopich*) Jo witte dat ik muoite genôch dien ha, omke Willy. 't Is net sa maklik. Der IS net safolle wurk. 't Measte is noch reklame foar de STER en... no ja, jo witte it, dêr ha wy wat lijen mei hân.

WILLY: Bedoelst dy chips? Dat wie myn skuld dochs net, mei dy chips?

BEN: Hâld no mar op oer dy chips.

WILLY: Of bedoelst it Gillette skearapparaat. Wie dat net goed wat ik die mei dy skearmeskes en skearkoppen?

BEN: 't Wie prachtich, mar jo hân trille. En je kinne gjin reklamespot meitsje litte foar skearmeskes troch in man mei triljende hannen.

WILLY: Do hiest my ek yn dy reklame foar Rennies sette moatten. Dat is myn genre. Dêr ha ik in gesicht foar, foar maachsoer.

BEN: Ik ha jo namme 20 kear neamd.

WILLY: En? Wêrom net foar de ienentweintichste?

BEN: Omdat yn de reklame-business sein wurdt dat jo je tekst net ûnthâlde kinne. Dêrom ha se gjin ynteresse mear.

WILLY: (*dat docht sear*) IK? Wa seit dat? Ik kin myn tekst net ûnthâlde? Dat is foar't earst dat ik dat hear.

BEN: By de chips. Ik ha jo nei de studio stjoerd en jo koene it adres net iens ûnthâlde.

WILLY: Nee, mar de tekst wol. De hiele tekst ha'k ûntholden, ik wit'm no noch. Allinne de namme fan de chips bin ik fergetten. Hoe hite se?

BEN: Frito-bits.

WILLY: Sis it noch ris.

BEN: Frito-bits.

WILLY: Nee, dat is net te ûnthâlden. Sit gjin gein yn. At der gein yn sit dan ûnthâld ik it. Knispers ûnthâld ik. At je Knispers sizze dan laitsje se. Mar dy oare namme docht it net by it publyk. Wat wie it ek wer?

BEN: Frito-bits.

WILLY: Miskien dat se har yn Amerika de bûsen der om útskuorre, mar hjir net. Ik sit 57 jier yn't fak, dan leare je it ien en oar. Dan leare je wêr't it publyk om laket. Witst welke wurden it dogge en welke net?

BEN: Dat ha jo al hûndert kear sein. Wurden mei in K dogge it.

WILLY: Wurden mei in K dogge it. Dat wist net, hin? Sûnder K ha se gjin gein. Ik sil dy in pear wurden neame dêr't altyd om lake wurdt. (*wol it ôftelle op syn fingers*)

BEN: Kowesturtesop hat gein.

WILLY: Kowesturtesop docht it.

BEN: Piccallilly.

WILLY: Piccallilly hat gein.

BEN: Komijne-tsiis.

WILLY: Komijne-tsiis docht it. Tomatesop docht it net. Rosbyf net: gjin gein.

BEN: Omke Willy, dat ha jo my al útlein doe't ik in lyts jonkje wie.

WILLY: Komkommer: gein.

BEN: Krûdkoeke.

WILLY: Krûdkoeke.

BEN: Lekkerkerk: gein.

WILLY: Lekkerkerk: gein. Winschoten: gjin gein.

BEN: Hear ris. Ik moat nei kantoar, omke Willy, mar der is IEN ding dêr't ik mei jo oer prate moat. Ik ha telefoan hân fan de NOS.

WILLY: Koos Postema: gein. Aad Langebent: gjin gein.

BEN: (*suchtet*) Wêrom wolle jo no net harkje?

WILLY: Ik harkje. Do hast telefoan hân fan de TROS.

BEN: Fan de NOS.

WILLY: Dat is't selde.

BEN: De NOS sil in hiele spesjale show dwaan oare moanne. Oardel-oere revu, kabaret, vaudeville. Wim Ibo sil it ynliede. En se besykje Ton van Duinhoven te krijen.

WILLY: Hat gein.... Dêr moat ik om laitsje. Mei dy pet op fan Feyenoord, Ton van... hoe hyt er ek al wer, seist?

BEN: Ton van Duinhoven. In namme sûnder K.

WILLY: Mei dy pet fan Feyenoord hyt er Crooswijk. Sjochst wol? (*Ben sjocht nei de himel om help*)

BEN: OO! No goed, it tema fan de show...

WILLY: Wat is it tema fan de show?

BEN: It tema fan de show is de skiednis fan kabaret en revu fanôf de Griken oant no ta. Fandêr Wim Ibo.

WILLY: En wêrom koest my net yn dy show krije?

BEN: Ik HA jo yn de show krigen.

WILLY: Allinne?

BEN: Mei Louis van Os.

WILLY: Do krijst my net foar de show.

BEN: Lit my even útprate.

WILLY: Do bist al útpraat. 't Is nee.

BEN: Kinne jo net even wachtsje oant ik klear bin, foardat jo NEE sizze. Kinne wy der net ien minút oer diskussearje?

WILLY: Ik ha't te drok.

BEN: Wêrmei?

WILLY: Mei NEE sizzen.

BEN: Jo kinne dochs it FATSOEN ha om nei my te harkjen. Se ha my der om smeekt by de NOS. Smeekt.

WILLY: Sjit in bytsje op want der komt wer in NEE.

BEN: Se ha my sein dat de skiednis fan de revu net kompleet is sûnder it grutste komikenpear, de Sunshine Boys. De foarsitter fan de NOS hat my dat oer de telefoan sein.

WILLY: De foarsitter fan de NOS? Hat dy dat sein?

BEN: Ja. Hy is jim grutste fan. Willy Bogaard en Louis van Os, dat is in BEGRYP foar'm, hy kin jim hiele repertoire.

WILLY: Lit HY dan mar mei dy rotsak yn see gean.

BEN: 't Is mar foar ien optreden. Jo hoege it mar IEN kear te dwaan. IEN skets. Se jouwe tsientûzen gûne foar jim tegearre. Dat is gjin katteriich, elk fiiftûzen gûne, dat is mear dan't jo de lêste twa jier fertsjinne ha.

WILLY: Ik ha gjin jild noadich, ik ha A.O.W., ik bin allinne, ik ha 2 pakken klean, ik ha gjin kat, ik bin hiel gelokkich.

BEN: Jo binne net hiel gelokkich, jo binne hiel ûngelokkich.

WILLY: Ik bin hiel gelokkich. Ik sjoch der allinne mar ûngelokkich út.

BEN: Jo wolle neat leaver as wurkje. Jo belje my twa kear deis op kantoar en ik kin net iens oer myn buro hinne sjen fanwege de steapel briefkes: 'dyn omke hat belle'.

WILLY: Belje DO dan ris in kear, dan krijst net safolle briefkes.

BEN: En ik BELJE jo elke dei! En ik KOM hjir elke woansdei, waar of gjin waar, winter of simmer.

WILLY: Wat bist dan, in postboade? Do bist myn neef. Do bist de soan fan myn broer. Do hast hiel aardich foar my west en dat fyn ik fijn, mar ik ha dy NOAIT wat frege. Allinne mar wurk. Do bist in bêste jonge, mar in ympressario fan Jan Pet.

BEN: Ik bin in hiele goeie ympressario, omke Willy, sis dat net noch ris. Ik bin in ferdomd goeie ympressario.

WILLY: Moatst dan sa raze? No goed, en wat dan noch, is dat sa wat geweldichs, in goeie ympressario?

BEN: Ik krij pine yn 't boarst. Jo besoargje my pine yn 't boarst.

WILLY: O, is't MYN skuld, asto dy opwinst.

BEN: Ja, 't is jo skuld. Ik ha allinne woaudeis pine yn 't boarst.

WILLY: Kom dan op tongersdei. (*Ben rint nei de doar*)

BEN: Ik gean fuort. Ik wol der net iens mear mei jo oer prate. Mei jo falt net te praten. Ferjit it mar, ferjit it hiele revu-programma.

WILLY: O, dat bin ik allang fergetten.

BEN: En ik kom hjir net wer, ik bring gjin Varieté mear en gjin sigaren en gjin sâlt-earme sop, hearre jo dat, omke Willy? Ik bring neat mear.

WILLY: Bêst. Pas goed op dy sels. Doch de groeten oan Annie en Wouter.

BEN: (*Sykhellet swier*) Wêrom wolle jo dit net dwaan, foar MY? Ik freegje jo dochs net om wer partners te wurden? At jim net goed opsjitte kinne, OKEE. Mar dit is foar IEN jûn. IEN optreden. En at jo dit dogge, DAN sil Rennie jo smeeke oft jo in STER-spot foar har dwaan wolle. Jezs wat sille se op kantoar sizze at ik fertel dat ik myn eigen omke net iens kontraktearje kin.

WILLY: Wat se sizze sille? Sek.

BEN: (*falt deawurch yn in stoel*) Haatsje jo Louis van Os dan SA bot.

WILLY: Ik wol net oer Louis van Os prate.

BEN: It sil dochs moatte want de NOS wachtet, en at wy it net dogge dan moat der wol in ferdomd goeie reden foar wêze. Jo ha'm yn tsien jier net sjoen?

WILLY: (*lange pauze*) Alf jier.

BEN: (*ferheard*) Woene jo bewoare dat jo alf jier net tsjin'm praat ha?

WILLY: Ik sis: ik ha'm yn tsien jier net SJOEN. Mei him praat ha ik yn gjin TOLVE jier.

BEN: Jo bedoele dat jo him in hiel jier WOL seagen, mar net tsjin him

praten?

WILLY: 't Wie net sa maklik. Om him hieltyd mis te rinnen achter it toaniel.

BEN: Mar OP it toaniel praten jo dochs wol tsjin'm.

WILLY: Net TSJIN HIM. At hy in plysje spile, prate ik tsjin de plysje, at er in gek spile, prate ik tsjin de gek; mar tsjin dat loeder sels prate ik noait.

BEN: Ik leau it net.

WILLY: Do leaust it net... ik kin der tsûgen by roppe dy't SEAGEN dat ik neat tsjin him sei.

BEN: En no, nei alve jier, hat de tiid dan neat foar jo feroare?

WILLY: Ja, ik haatsje him alve jier slimmer.

BEN: Wêrom?

WILLY: Wêrom? Kinst'm net?

BEN: Ja, ik ha'm moete, ik wie fyftjin, 't wie by in benefyt-foarstelling. En ek in kear yn de televyzje-studio. Hy wie hiel aardich.

WILLY: Dat wie twa kear. Do moast'm trije kear sjoen ha foardatst de pest oan him krijst.

BEN: Omke Willy, sil ik jo ris in foarstel dwaan?

WILLY: Hy joech my de finger.

BEN: De WAT?

WILLY: De finger. De finger. Hy pjukte my yn't boarst my de finger. (*giet nei Ben en stekt him mei de finger, by elke klamtoan*) Want de humor dy sit Dêr en de wille komt út't Hart. (*Ben wriuwt him oer't boarst mei in pynlik gesicht*) Dat docht sear, hin? Hoe soesto dat fine, 43 jier lang? Ik hie in grien en blau gat yn't boarst. Myn frou hat oan har dea ta tocht dat it in tatoeaazje wie. Ik ha yn gjin alve jier wurke en no pas begjint it wat fuort te lûken. Dy man hie de skerpste fingers fan de hiele show-business.

BEN: At jo oan dizze show meidogge, keapje ik in kûgelfrij fest foar jo.

WILLY: O, tochst dat ik dat net besocht hie? Ien kear ha ik sels in stielen plaat ûnder myn himd han, hy joech my de finger en moast der fjouwer wike mei yn't gips.

BEN: Der moat noch wat oars gebeurd wêze. Je wurkje gjin 43 jier mei ien, sûnder dat der soks as in bân is, of in ienheid.

WILLY: Woest noch mear hearre? Hy spuide yn myn gesicht. Op it poadium spuit dy man my yn't gesicht.

BEN: Net mei ..sin.

WILLY: Net mei sin, seit er! At der in manier west hie om dy flibe te bewarjen, dan hie'k it dy sjen litte kinnen.

BEN: Bedoele jo dat hy op it poadium stie en jo yn it gesicht spuide?

WILLY: No nee, SA stom wie er no ek wer net, hy die it yn de tekst. Hy gong noas oan noas mei my stean en sei dan mei sin allinne mar

wurden mei T's en S-sen. Tuskentiids, tastân, tetanus, ôfstân, thús. (*skurft, skots, skripsje, sekreesje, Tuttifrutti, Tsjarewitsj, tippelster, trits, grutsk, Luc Luts, postkoets. Spuit by elk wurd. Ben faget it gesicht ôf. Willy jout Ben in bûsdoek*) Sommige jûnen tocht ik dat ik fersûpe soe; ik wit net wêr't er dy flibe allegear weihelle, ik tink dat hy de hiele dei dronk en noait pisse om jûns mar in soad flibe te hawwen.

BEN: Ik lit it yn't kontrakt sette: at er spuit krijt er gjin sint.

WILLY: O, at er de kâns krijt om noch ris op my te spuien dan WOL er der net iens foar betelle wurde.

BEN: Jo moatte my dochs ris ien ding útlizze. At it allegear sa freeslik wie, hoe ha jim it dan 43 jier byelkoar útholden?

WILLY: Omdat er geweldich wie. Omdat der noait sa'nien west hat as hy. Net ien koe in Witz time sa as hy, net ien koe pleatse sa as hy. Ik wist wat hy tocht, hy wist wat ik tocht, wy wiene IEN, len per-soan. Nee, Louis van Os wie de BESTE, begrypst wol?

BEN: Ik begryp it.

WILLY: As akteur hie hy syn gelikense net, as mins WOE net ien syn gelikense wêze.

BEN: (*suchtet*) En dus. Wat sis ik tsjin de NOS. Gjin kontrakt, want Louis van Os spuit.

WILLY: Wist noch wêr't wy ús lêste optreden hân ha?

BEN: Alve jier ferlyn yn Carré.

WILLY: Alve jier ferlyn yn Carré, op 27 july. By Wunnink. Wy diene de skets fan de dokter; dy hasto noait sjoen, wol?


BEN: Nee, mar ik ha heard dat er geweldich wie.

WILLY: Sis mar fan Klassyk. In deade moast der noch om laitsje. Wy ha'm 8000 kear spile en altyd SA, altyd BOING! En dy jûn gong it mis. Der wie wat mei'm, hy jage der troch hinne, syn timing wie net goed, hy wie der net by mei de holle, ik tocht dat er siik wie, mar even sa goed in enoarm applaus. Wy gongen nei de klaaikeamer, hy schminkt him ôf, hy klaait him oan en hy seit tsjin my: Willy, seit er, at it dy itselde is woe ik my werom lûke. Ik sis: Werom lûke? 't Is noch gjin alve oere, sille wy út iten? Hy seit: Ik bedoel net op bêd gear. Ik lûk my werom foar de rest fan myn libben. En hy set syn hoed op, kuiert Carré út; wurdt makelder yn effekten en ik bliuw sitten mei in skets, wêryn't ik fragen stel en der is gjin ien dy't antwurd jout. 'k Ha de man noait wer sjoen. Hy hat my belle, ja, mar ik joech gjin antwurd. Hy hat my skreaun, mar ik skuorde it stikken, hy stjoerde my telegrammen, miskien lizze se noch op'e matte.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto